

[0433] Tafrielen út it rûge libben yn Snits om 1500 hinne

Yn nr. 4 fan jiergong XXIII (1961) fan *It Beaken*, it tydskrift fan de Fryske Akademy, haw ik in artikel skreaun oer *It rûge libben yn Snits om 1500 hinne* (s. 234-236). De oanlieding wie it forskinen fan de *Snitser Recesboeken 1490-1517*, útjown troch Mr. M. Oosterhout (Assen, 1960). Ik haw der doe op wiisd, dat dizze boarnepublikaesje fan 671 siden in lytse 5300 stikjes bifettet, dy't meiïnoar in soarte fan mosayk foarmje fan it rjochtslibben fan in Fryske stêd oan 'e ein fan 'e midsieuwen' (s. 234).

Yn it niisneamde artikel haw ik my biheind ta 'it fandeljen fan in stikmannich teksten, dy't typearjend binne foar de tapassing fan it strafrecht' (s. 236), binammen koarte notysjes oangeande fjochterij. Der steane yn de *Snitser Recesboeken* lykwols ek stikken, dêr't aspekten fan it libben yn biljochte wurde, dy't jin tafrielen fan de skilder Jeroen Bosch (forstoarn yn 1516, dus in tiidgenoat) yn 't sin bringe. Hjir folgje in pear foarbylden.

(1)

'G o d g h e e f f d i e b o e f f d i e d u u e l'

Op 18 desimber 1506 hawwe fjouwer leden fan it Snitser stedsbistjûr - teffens stedsgerjocht - yn twa iepen brieven buorkundich makke, dat hja fjouwer boargers yn 't forhoar nommen hawwe, dy't 'Claes gerbrandtssoen toe gowtum by sneeck' (Skearnegoutum dus) 'myt recht heeft doen citeren'. Yn it earste brief (*Snitser Recesboeken*, nr. 4630) komme 'Jan heer Jans' (blykber de soan fan in preester) en 'peter Janssoen Comen' oan it wurd en yn it twadde (nr. 4631) 'Jacop baerndssoen' en 'pieter Jacobssoen smijt'. Hja wurde 'off ghe wraghet by den eedt' oangeande 'wat sy ghehoert hebben van bwdel mijt ghelt daer reijner reynerssoen peter hals [yn 4631: langhals] broer als men seyde quyt woerden was ende daer Claes foers.ⁿ mede berufftighet was.'

Jan heer Jans fortelt, 'hoe dat pieter Claes boens als die waert van den huijse is ghecomen des anderen daeghes doe dat gherufft vanden bwdel gheschiet was quam sitten toe Jans foers.ⁿ huus by dat vuuer'. Jan hat him frege, 'woe dat die saken gheschiet waren van den bwdel daer reyner quyt ghewoerden waer ende daer Jn claes gherbrandssoen boesum ghewonden woerd' en oft 'die olde man' skuldich wie. 'Doe seide pieter die waerd tot Jan Jck weet dat waerachtich dat Claes die sake onschuldich is want desse reyner seide pieter ghing des nachtes by Claes op dat bedde legghen soe als claes ouerstallich droncken was ende leide Jn syn clederen ende desse reyner hadde claes Jn die

nacht die bwdel Jn syn boessum steken ende des morghens doe sie op stonden altoe samen doe seyde desse reyner Jck mys myn bwdel wy willen een schuldich man maken ende ontleden malkanderen hy is wan oesten noch van westen comen die myn bwdel ghenomen heeft ende reyner taste claes an ende nam hem die bwdel wt claes boesum'. Jan fortelt fierders, dat 'pieter die waert' likk wie en sein hie: 'god gheeff die boeff die duuel dit spyl heeft hi al meer Jn myn huus ghedaen ende myn gasten schoffiert ende confuysd'.

Oer dit lêste hearre wy mear fan Peter Janssoen Comen. Hy dielt mei, 'dat pieter die waert hem mondeling hadde gheseit des anderen daeges doe claes gerbrenssoen die bouerie van den bwdel gheschiet was dat desse reyner reynerssoen syn bwdel hadde ghesmeten aeffter op een ander mans stoel Jn pieter boens huus daer hy op sat'. Nei't er dat dien hie, 'doe taste desse reyner Jn syn boesum ende seyde gans laud Jck byn myn bwdel quyt myt ghelt doe stond alman op ende sochten om desse bwdel ende als men aldus sochten doe stond desse reyner oeck op ende taste aeffter op die mans stoel daer reyner die bwdel smeten hadde ende reyner seide hoe compt die bwdel al daer doe seide die landtman wat duuel heb Jck myt dyn bwdel toe doen loep voer den duuel myt dyn bwdel Jck heb seluen wel ghelt toe voerteren dw doerste gheen dieff van my maeken Doe spraek die waert tot desse reyner ende seide god gheeff dy die duuel dw schalx hoeft dit spul heeftstu my al eer ghedaen Jck wil dy wal op galghen ende raeden brenghen om dyn schalcheit'.

Jacop Baernssoen fortelt, dat er yn 'pieter boens huus' west hat; de weard 'screijde seer van groeter quaetheit dat hy dat gheleden hadde Jn syn huus dat Claes gherbrandssoen die olde man desse groten schande ende schofferinge was ghedaen ende hy dat nijet lyet straffen ende dat claes daer gheen schult an hadde'.

As fjirde en lêste komt Pieter Jacopssoen smyt foar 't forhoar. 'Hier op gheantwoerd hoe dat hy van pieter Claes boens heeft horen segghen daer hy sprack Jnt ghemeen tot desse pieter smits huus ende seide dit spil hebben dissen boeuen ende meende reyner reynerssoen all eer Jn myn huus ghedaen wold Jcket doen Jck woldsse wal op hondert droessen brengen om hoer schalcheit ende pieter smit wyst eerst die saeke nijet wattet was daer pieter boen van sprack meen nae wyst hy dat wal dat die saeke vas van den bwdel daer claes mede beteghen was'.

Hoe't it mei Reyner Reynerssoen ôfroun is, witte wy net; neffens it *Nammeregister op de Snitser Recesboeken 1490-1517*, dat Mr. M. Oosterhout yn 1964 publisearre hat, komt syn namme bûten de nûmers 4630 en 4631 net foar (s. 231). Oars stiet it mei Claes Gerbrandtssoen; hy jowt acte de présence yn de nûmers 2238 (7 maeije 1512), 2325 (28 july 1512) en 4850 (14 maeije 1515). Om't er yn 1506 neffens de mjitte fan dy tiid - dy't gâns leger lei as tsjinwurdich - al in âld man wie, is er dus stokâld wurden.

(2)

'Ick wil dij wel hebbe waer Ick frij'

Op 7 desimber 1507 fortelt 'Jacop hwges kannemaker' yn it bywêzen fan seis leden fan it Snitser stedsbistjûr 'by syn eedt daer hy gedaen heeft wat hem Condich is ende woe die saken ghesiet syn dat Jan Janssoen rwt ende taed karst malcanderen trouweden soe als hy daer by was' (*Snitser Recesboeken*, nr. 4651). Hy seit 'woe dat Jan ende taed saten by malcanderen toe tada huijs ende hadden hand Jn hand ende soenden malcanderen daer borret Janssoen van haerlem ende Jacop vors. by saten doe seide borret wy willen dit mallen nyet hebben wy willen die waerheit weten van v beiden hoe dattet is. doe ghing Jan toe syn bwdel ter stont ende nam een gvlden pennig wt syn bwdel ende gaff taed dat golden penning Jn hoer hand. doe seid Jan nw sie ghy wel hoe dattet claer is ende sie baden ons beiden Jacop ende borret dat wy daer een dach off twee mede swigen wolden wat daer gesciet was ende dat lach word daer op wt gestreken van Jan ende taed ende Jacop weet Anders nyet dan dattet op trow geschiet is ende weet nyet noch hefft nyet ghehoert dat sie Jenige condicien off excepcien daer Jnne hadden off wt spraken'.

Ek Taed Karst wurdt ûnderfrege. Op 'e fraech, 'off sie Jan Janssoen rwt getrouwet heeft off nyet', andert hja, 'dat sie hem nyet getrouwet heeft'. It siet neffens har sa: 'Jan vors. sat toe hoer huys ende dronck onder allen soe seide Jan toe taed wiltu gheen man hebbe doe seide taed Jae doe seide Jan wiltu my nijet hebben doe seid sie Jck wil dij wel hebbe waer Jck frij'.

Fan Jan Janssoen Rwt witte wy allinnich, dat er op 3 maart 1512 foar it stedsgerjocht forklearre hat, dat in oare 'Jan Janssin' him 'ix philippus golden' skuldich wie en dat er 'i 1/2 philippus golden' ûntfongen hat (*Snitser Recesboeken*, nr.2147). Gâns mear is der bikend fan de frou yn it tafrieltsje út it rûge libben yn Snits om 1500 hinne, dat wy niiskrektsa bisjoen hawwe: Taed Karst wurdt neffens it *Nammeregister* (s. 274) neamd yn net minder as 38 nûmers fan de *Snitser Recesboeken*!

Yn nr. 4 fan jiergong XXV (1963) fan *It Beaken* (Prof. Ernst Löfstedt oanbean op syn 70ste jierdei) haw ik in artikel skreaun oer in briefwiksel tusken Boalsert en Snits út desimber 1491 (*Dat frionden mogen frionden blyuwa*, s. 335-338). De oanlieding ta dizze korrespondinsje wie, dat Karst Hindrikssoan, in boarger fan Snits, to Drylts bislach lizze litten hie op guod fan Boalserter keaplju. Ik haw der op wiisd, dat Karst - hwaens namme yn 18 nûmers fan de Snitser Recesboeken foarkomt - 'in wylde bruijer' wie en gau klear stie mei it mes (s. 336). Taed wie syn frou.

Ut nr. 4160 fan de *Snitser Recesboeken* (13 febrewaris

1507) kin ôflaet wurde, dat Karst lang om let sels it slachtoffer fan fjochterij wurden is; yn dit stik is praet fan 'salige mester karst wondinge'. Taed wie dus, doe't Jan Janssoen Rwt har frege: 'Wilstu my nijet hebben', widdou, mar blykber noch net lang genôch om op 'en nij trouwe to kinnen: 'Jck wil dij wel hebbe waer Jck frij'.

Om mei har bern troch de tiid to kommen is Taed nei de dea fan Karst weardinne wurden. Soks docht bliken út nr. 4272 fan de *Snitser Recesboeken* (16 april 1507). Hja hat doe foar it stedsgerjocht forklearre, 'daer sij hoer eet ten heiligen op heefft gedaen', dat hja, wylst hja 'bij hoer vuyer sat in hoer eygen huijs', bistellen is troch 'haytia lyuwazozen myt syn helpren toe wijwerlt' (Wieuwert). Haytia Lyuwazozen 'nam wt tade bwdel vyff stucke gelts'. Hy en syn 'helpren' hiene 'hoer gelach gerekent', wiene 'wt den huijs wech gegaen ende solden weder toe huijs reijsen doe word taed ghewaer datse hoer gelt miste ende sende ter stont bode weder om die luden toe halen ende als sie daer weder gecomen waren doe sprac taed Jck mys myn gelt een van v allen heefft myn gelt doe gaff haythia hoer hoer gelt weder'. Likegoed hat Taed it oanjown, lykas bliken docht út nr. 4341 (13 maeije 1507): 'haythia lyuwazozen toe wywert, van dat hy tada karsts hoer gelt wt her bwdel genomen heefft'. Hy hat in boete krigen fan 'vj floreen' (nr. 4350).

Ut de nûmers 3142, 3201, 3202, 3402, 3526, 3616, 3653, 3656, 3661, 3785 en 4397 blykt, dat Taed al oan en wei yn 'e skuld siet. Op 14 febrewaris 1509 moast hja in 'lange dwael', twa 'schyflakenen' en twa 'strick lakenen' yn pân jaen (nr. 3616) en op 21 april 1509 fiif 'banckwerx kwssenen', in 'bont voer onder en vrouwe tabbert', twa 'kopren bekenen', in 'flapkan', in 'mengelens tinnen kan', 'Jtem ½ mengelen' en in 'grote tynnen plateel' (nr. 3661).

Taed is forstoarn tusken 14 maart 1511 en 6 febrewaris 1512. Yn in stik fan earstneamde datum (nr. 2667) stiet: 'Dae reed habbet Taed karsts mej her wesen dae monden (fâden) confirmeerd als heer ghysbert op nij land ende bocka claessin deer taed hat tziesd toe monden voer riocht'. Op 6 febrewaris 1512 hat 'Griet harmen scoltis wyff baxter' it hûs fan Taed 'opt groet sand' kocht 'van heer ghysbert vicarius op nij land ende bocka claessoen als monden toe salige taed meister karsties wesen voer j^c xxij floreen' (nr. 2093).

Op 6 augustus 1512 wurdt 'zalige taed karsties wyff' foar 't lêst yn de *Snitser Recesboeken* neamd (nr. 2345). 'Marten tyernazin' forklearret, dat der noch in skuld fan Taed 'op een kerff stock stieet' en 'dat bocka als mond van dae wesen schildich Js dat Jeld toe betallien'.